LEEUWARDER COURANT
17 oktober 2012, pag. 18

Meldkeamer boartet mei fjoer

Brand in Boazum. FOTO JARING RISPENS

It koe fansels net útbliuwe. Al in pear moanne wolle se by de meldkeamer yn Drachten gjin Frysk ferstean. It tsjûget fan útsûnderlike moed dat dy helpfreger út Boazum mei achter him de brân net oan 'e kant gien is foar sok ûnwettich gedrach. Alle taaldiskriminaasje hat ommers mar ien doel, dat jo jo ferbrekke.

It wurdt heech tiid, dat de earstferantwurdliken foar de Fryske taal, de Provinsjale Steaten en it regear, net langer om de hite brij hinne draaie en yn Drachten hiel hurd yngripe. No haw ik mei de Provinsjale Steaten - lês hjir deputearren - de ûnderfining, dat as se foar de Fryske taal stean moatte, se graach nochris in blokje om geane.

Mar dy tiid is der net. De stellingen binne dúdlik. De meldkeamer fielt him grut en sterk troch de stipe fan de boargemasters fan de trije noardlike provinsjes. En de Frysktaligen hawwe foar de taal minskerjochten krigen dy't har troch it regear en it parlemint op basis fan it 'Europeesk hânfêst foar regionale talen en talen fan minderheden' takend binne. En fansels moat der begryp wêze foar in baangarânsje foar Drinten en Grinzers dy't nei de meldkeamer yn Drachten ferhúzje moasten.

Mar soks mei nea ynfloed hawwe op de feiligens foar de Frysktalige. Dizze kear bleau it by in doarp fol asbest, mar wa wit giet it de oare kear wol om fjoerwurk, gas of oare gefaarlike stoffen. Eltsenien wit dat der yn Fryslân genôch Frysktalige plysjes omrinne, dy't nei in dei as wat trening de meldkeamer wier wol beminskje kinne. De deputearren of de boargemasters moatte moarn en gjin dei letter dy problemen by de meldkeamer oplosse. De tiid fan 'boartsjen' is oer!

Cor Jousma. Feanwâlden